



## Ik praat better Frysk no't ik it ek skriuwe kin

Fardau (28) en har beppe Helga Folkertsma (86) hawwe tagelyk oan it eksamen Frysk Skriuwen meidien en beide slaggen se mei in moaie siferlist. Fardau folge earst de kursus by har yn 'e buert. 'No't ik dy kursus dien ha, kin ik it better skriuwe, mar praat ik ek better Frysk', seit Fardau.

'It like my altyd nochris moai ta om eksamen te dwaan,' seit Helga. 'Ik kom fan Wenen, mar bin Friezinne wurden doe't ik op myn achttjinde mei Paulus Folkertsma troude en nei Aldeboarn ferhuze. Hy wie hjir komponist en ûnderwizer en hat my it Frysk bybrocht.'

Beide froulju slaggen mei glâns. Fardau: 'Foar my is it ek in befêstiging dat ik it no echt kin. Ik fernim dat myn Frysk foarútgongen is, sawol yn it skriuwen as yn it praten. Taaleigen fûn ik dreech, mar ik ha dêr in soad fan opstutsen. We learden dat it "op bêd" en "fan bêd ôf" is, en wurden lykas "kaai" en "avesearje" besykje ik wer mear te brûken.'



Scan de QR-koade en lêst it hiele ynterview. Wolsto ek Frysk skriuwen leare en eksamen dwaan? Sjoch dan op [kursus.afuk.frl!](https://www.kursus.afuk.frl)

## Nationale Voorleesdagen

Fan 22 jannewaris o/m 1 febrewaris binne it de 'Nationale Voorleesdagen'. Yn dy perioade is der ekstra omtinken foar it foarlêzen oan bern fan 0 o/m 6 jier. Ek yn Fryslân, want foarlêzen is ien fan de effektyfste én leukste aktiviteiten om te dwaan. Hielendal mei bern dy't mei twa of mear talen opgroeie! Alle jierren wurdt der in 'printeboek fan it jier' útkeazen en foar 2025 is dat 'Rinus' fan Ingrid & Dieter Schubert. It boek ferskynt ek yn it Frysk! Alle pjutte-opfanglokaasjes yn Fryslân krije fan de Afûk in spesjale lesbrief tastjoerd, mei dêryn suggestjes foar aktiviteiten om it printeboek hinne. Sa kinne pedagogysk meiwurkers yn de wiken

fan de 'Nationale Voorleesdagen' fuort oan 'e slach mei it printeboek en mei it foarlêzen dêrfan yn it Frysk! De lesbrief is ek te finen op [www.heitemem.frl](https://www.heitemem.frl).

**Kom nei de byb!**  
Ek de biblioteken besteegje fansels wiidweidich omtinken oan de 'Nationale Voorleesdagen'. Bern o/m 6 jier kinne dan fergees it Tomke-boekje 'Tomke nei de bibliotek' ophelje. En bern dy't lid wurde fan de bibliotek (ék fergees!) krije dêr ek noch in knuffeltsje by. Mear ynformaasje oer de 'Nationale Voorleesdagen' is te finen op [www.nationale-voorleesdagen.nl](https://www.nationale-voorleesdagen.nl).



### LêsNo

Sa'n 5000 brêgeklassers lêze no *Tonto Mundo* fan Hilda Talsma. In boek oer eigenwearde, skuldgefoel en hoe lestich famylje wêze kin. Dat safolle jongeren tagelyk itselde Fryske boek lêze, wurdt mooglik makke troch lêsbefoarderingsprojekt *LêsNo*. Alle jierren krije de learlingen in nij jongereinboek mei nei hûs, mei in audio-meilêsferzje en lesmateriaal, ek yn *Searje 36!* Nij dit jier binne de AR-animaasjes, wêrmei't in hynder út it boek ta libben komt.

### Boer Boaris en de sniepop

Yvonne Soepboer, learkrêft op de Theun de Vriesskoalle yn Feanwâlden, oer it boek: *'Boer Boaris en de sniepop'* is alwer it achttjinde diel oer de bekende boer. It is op rym skreaun en dêrtroch in hiel noflik foarlêsboek foar pjutten en beukers. It ûnderwerp, winter, snie en teiwaar, sil de bern geweldich oansprekke en leit yn harren belibbingswrâld. De prachtige yllustraasjes passe tige by de sfear fan it ferhaal.'



## Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**IEPENINGSTIDEN**  
Tiisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](https://www.afuk.frl)

[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)  
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](https://www.websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.


## Boeketip 5



### 1 De reis fan it famke

Catharina en Hilleke Lautenbach  
€ 17,50

*De reis fan it famke* is in aventoerlik mearke dat in laits opdropt én yn it moed taast. Foar jong en âld en elkenien dy't fragen hat oer it doel fan de syktocht yn it libben.



### 2 Boer Boaris en de sniepop

Eppie Dam (oersetter)  
€ 14,99

It hat snijd. Boer Boaris, Sam en Bearend meitsje in sniepop. Mar dan wurdt it teiwaar... *Boer Boris* is in populêre Nederlânske printeboekesearje fan Ted van Lieshout en Philip Hopman.



### 3 Doe't Johan in kealtsje krige

Astrid Lindgren  
Martsje de Jong (oersetter)  
€ 14,95

Embla, de iennichste ko fan Johan en syn famylje, is deagien. Dêrom is Johan fertrietlik en boas. Dan heart er de oare deis in fertrietlik balten út in greppel by de dyk wei.



### 4 De laatste dagen van de dorpsgek

Anne-Goaitske Breteler  
€ 23,50

Dwers troch ferskate Fryske provinsjestêden, doarpskearnen en úthoeken ûndersiket 'De laatste dagen van de dorpsgek' hoe't plattelanners iuwenlang omgien binne mei geastlike sûnens.



### 5 Ik rûk al aardech naar de skep

Aartje Feikje Efdé-van der Wal & Ezra Efdé  
€ 15,-

Dit boek is in samling sprekwurden en siswizen dy't de beppe fan de auteur, Attie Efdé, by har libben opskreaun hat en dy't nei har ferstjerren digitalisearre binne.